



André & Alfred

Taart fear kening Redbad

Us reis nei de midsiuwen fielde in bytsje as staptten wy yn in fideogame. Fan Bonifatius krigen we de spesjale opdracht om kening Redbad te 'bekearen'. Dat is eins as je besykje ien oer te heljen yn God te leauwen.

Bonifatius wie yn 'e midsiuwen in soarte fan ferkeaper fan it kristendom. Mei moaie praatsjes, in prachtich pak en in gouden krús om 'e nekke besocht er oare minsken it kristendom oan te praten. In bytsje as strjitferkeapers en tv-reklames. Dy besykje je ek altyd fan alles oan te smarren.

Ik hie al heard dat Redbad net sa op kristenen steld wie, en al hielendal net op kristenen dy 't him bekeare woene. Yn Fryslân hiene de minsken har eigen goaden. Dy goaden wennen net fier fuort yn 'e himel, lykas by de kristenen. Nee, dy goaden wennen tusken de minsken, yn 'e bosken, by it wetter, yn stiennen en sommige ek yn 'e wolken. De Friezen ferearden har goaden op spesjale plakken yn 'e natuer, lykas by grutte beammen.

ANDRE'S VERHAAL





André & Alfred

Taart fear kening Redbad




Doe kamen minsken as Bonifatius yn Fryslân om se in nij geloof te jaan. Mar in soad Friezen bleaune fêsthâlden oan har eigen leauwen. It slagge de Friezen in skoftke om de kristenen bûten de doar te hâlden. Redbad fûn it gjin probleem om ferfelende mûntsen yn de kerkers fan syn kastiel te smiten. Keningen dogge gewoan wat se wolle.

De kristenen setten dochs troch. Se leauden mei safolle passy yn God en Jezus, dat it har net útmakke dat Friezen har mei swurden en bilen besochten te ferjeien. Bonifatius wie ek sa'n ien. Syn hiele libben wie er dwaande om Gods wurd te fersprieden. As jongfeint kaam er mei syn goedhillige master Willibrord nei Fryslân. Mei him besocht er de Friezen te oertsjûgjen dat it better wêze soe om yn God te leauwen. Om de minsken sjen te litten dat har goaden nep wiene, hakte er bygelyks harren hillige beammen om. As der dan neat barde, sei Bonifatius: 'Sjochst wol, jim goaden dogge neat, se hawwe gjin krêft.'

Bonifatius waard in hiele belangrike man yn tsjerke. Sels wie er op in stuit de baas fan de Nederlânske en Dútske tsjerke. Mar it bleau by him kribeljen om wer ris werom te kommen yn Fryslân. Doe't er in âld man fan tachtich jier wie, wiene der yn Fryslân noch altyd in soad minsken dy 't net kristen wiene. Bonifatius woe it op syn âlde dei noch ien kear besykje. Mei 52 oare kristenen gie er nei it plakje Dokkum ta om dêr in kristlik feest te fieren. Mar ûnderweis waarden se oerfallen troch in groepke Friezen en Bonifatius en syn freonen waarden fermoarde. It skynt dat Bonifatius it swurd dat him deasloech, noch besocht tsjin te hâlden mei in Bibel.

Ik bin wol bliid dat er noch even genoaten hat fan de slachrjemmetaart dy 't we him yn it gesicht treaunen. Ast dan dochs deagiest, is it wol noflik datst noch even genietsje kinst, fyn ik.



André



André & Alfred

Taart fear kening Redbad



1

Leuk om te dwaan!

Fraach

Redbad en Bonifatius wiene beide belangrike manlju. Mar se binne wol belangryk op ferskate wizen. Neam twa dingen wêryn 't se fan-inoar ferskille.



3



André & Alfred

Taart foar kening Redbad



ALFRED'S ÛNDERSYK

Fryslân hat mar amper keningen hân. Mar fierwei de bekendste dêrfan wie kening Redbad. In pear jier lyn haw ik noch in film oer him sjoen. Yn dy film wie Redbad in stoere, sterke keardel, mar ek in earlike kening! Moatst dy dochs altyd mar ôffreegje oft dat yn it echt ek sa west hat. Films wolle alles noch wolris moaier meitsje as dat it wie.

Wat wol fêststiet: Redbad wie in grutte kening dy't net allinnich wichtich wie foar Fryslân, mar ek foar bûten Fryslân. Hy wie kening yn in tiid dat in soad minsken Fryslân tige nijsgjirrich fûnen. It Fryslân fan doe wie folle grutter as no. It rûn fan Seelân oant Dútslân. En der wie in hiel soad wetter, noch mear as no. Ast earne komme woest, dan giest mei de boat.

Ut Denemarken, Sweden, Ingelân en Noarwegen kamen faak manlju yn boaten del om mei de Friezen te hanneljen. En ek pakten Friezen faak de boat om nei harren gebieten te gean. Op dy wize hie Redbad ek in soad kontakt mei minsken bûten de Fryske gebieten. En sa waard Fryslân dus belangryk!

Under Fryslân lei in grut keninkryk: it Frankyske ryk. Sy wiene hiel machtich, mar se hiene ûnderling in soad rûzje. Redbad tocht: 'As sy sa drok binne mei rûzje meitsjen, kin ik ûnderwilens moai wat gebieten fan se feroverje.' En dat slagge Redbad ek! Troch him hie Fryslân no ek de riviergebieten yn hannen. En dy wienen wer goed foar de hannel.





André & Alfred

Taart foar kening Redbad

Alfred

Mar dat duorre net lang. Doe't de Franken harren rûzje wer oplost hiene, kamen se werom om de ôfpakte gebieten werom te nimmen. Redbad hie doe troch dat de Franken hiel sterk wiene en dat er se mar better te freon hâlde koe. Jierrenlang besocht Redbad in goeie bân mei de Franken op te bouwen. Doe't de dochter fan Redbad mei de Frankyske kening troude, wiene se hielendal goede freonen. No wie Redbad famylje fan de Frankyske kening. En sa wie er in wichtich persoan wurden yn Europa.

Mar it gie net lang goed. Der wie wer in oar, dy woe ek kening fan 'e Franken wurde. Ja, sa gong dat. Tochtst einlings dat der rêst wie, dan wie der wol wer in oar dy't de macht woe. De Franken krigen in nije kening mei de namme Karel Martel. Dy Karel woe hiel graach de gebieten werom pakke dy't Redbad ea ferovere hie.

Karel foel Redbad oan en Redbad ferlear in soad gebieten. Net lang dêrnei stoar er. Ik tink miskien wol fan fertriet. Nei de dea fan Redbad gie Karel der hielendal foar. Hy ferovere hiel Fryslân, oant der gjin sintimeter fan oer wie. Fryslân hie no net langer in eigen kening mear. Dit wie dan ek de ein fan it Fryske keninkryk.

No't Redbad der net mear wie, kamen der allegearre mûntsen nei Fryslân ta om kleasters te bouwen. Dy ferskynden as poddestuollen út 'e grûn, safolle! Ja, Fryslân stie op in stuit fol mei kleasters. Redbad hie de kristenen noch in bytsje tsjinhâlde kinnen, mar no wie der gjin hâlden mear oan. En stadichoan feroare Fryslân yn in lân sûnder kening, mar wol mei in hiel soad tsjerken en kleasters.

ALFRED





André & Alfred

Taart foar kening Redbad

OPDRACHT

Fryslân hat no in pompeblêd-flagge. Mar stel dat we hjir wer in kening of keninginne ha soene, dy soene dan ek harren eigen keninklike flagge ha moatte. Untwerp sa' n keninklike Fryske flagge.

2